

Yn it spoar fan Hieke Hornstra.

Fjouwer wenten oan de Jachtlustwei

Eins fytse jo der wat ûngemurken oan foarby: de fjouwer, suver hast wat eptige húzen oan de Jachtlustwei tusken Arie en Doety en Homma. It binne pronkjies, sa'n rychje fine jo nearne yn Gasterlân en oanswettende útbuorrens. Se binne boud yn de jierren tritich, yn de tiid dat ek de kristlike skoalle fan de Bargebek der kaam, de wei tusken Wikel en Sondel ferbrede waard, de Wikelers fan de Norde yn Wikel sels stimme mochten en net mear nei Harich hoegden, Diks Haagsma en Popke Bosma besochten om foar de CHU yn de rie te kommen en Melodia in resitearwedstryd hâlde.

De pleats fan Arie en Doety waard bewenne troch Kerst Koopmans, dy't der in dekstasjon mei hynsten hie, Beint en Hoofdman. Ik boarte der altiten mei Eling yn de sânbak en dan seagen wy mei in skean each nei de dekkery. Us earste en iennichste foarm fan seksuele foarljochting. Doe't ik wat âlder wie sei ús mem sneintejûns: 'Do tinkst derom!'. 'Wer om?' 'Ja, dat silsto net witte...' Dat wie alles.

Ik tocht ik set even nei it gemeentehûs op 'e Jouwer om te freegjen nei it bestimmingsplan fan Wikel yn dy jierren. It is der noch altiten De Friese Meren en myn Fryske fragen waarden yn it Hollânsk beandere. Dat Wim Hospes kin gerêst wêze. 'Poeh.....nou....' sei de frou achter it buro en doe hie ik al yn it snotsje dat ik in muoilike fraach steld hie. Dat part fan it argyf soe wolris yn de grutte argyfkelder yn Frjentsjer lizze kinne en dan moast der immen fan de Jouwer alhiel nei Frjentsjer ta om it op te heljen. As jo boargers ûntmoedigje wolle dan is dit de methoade.

Omfreegjen learde my dat it earste hûs fan dat rychje boud is troch Pieter de Jong, dat wol sizze hy liet it der delsette troch Hindrik Veldman, de timmerman dy't wenne yn it hûs fan Jappie van Dijk. De Jong wurke op it suzelfabryk yn Balk. Dernjonken kaam it stee fan Durk Demmer dy't der 'Repos Ailleurs'(rust elders) op sette liet. Yn myn jieren hie Demmer in húshâldster: Wiepkje. As der immen op de buert troude waard der jild ynsammele foar in kado en soarge Wiepkje by it

oanbieden foar it gedicht. Twa dichtrigels steane fêst op myn hurde skiif: 'Plotseling waren zij verdwenen, wij dachten waar zijn ze nu henen?' It waard in teeservys: 'Wij hopen dat je er nog vaak uit mag schenken, dan komen wij ook een keer bij jou te drinken'. Lykwols, dat wie noch neat by de slachsin fan buorfrou Visser ûnder de rebus fan Erdal: 'Het is voordelig in gebruik en heeft een aangename ruik'.

Demmer wie ek korrespondint fan de Balkster en it Friesch Dagblad. Dernjonken wenne Bate Okje, dy't in winkel hie yn wat letter neamd waard 'kleinvak'. Durk, de soan, moast nei Yndië en is okkerdeis noch neamd yn it boek fan Hylke Speerstra 'Op klompen troch de dessa'. Side 107, snein 18 jannewaris 1948: 'Ik trof hjir Durk fan Bate en Okje út Wikel, dy lei op seal 7 mei in 'leкке bân'. Hy komt no wol gauris efkes by my, mar dan hat er ferhalen dêr't ik hast raar fan wurd en dat lêste sei hiel wat'. (Fragmint út it deiboek fan Freark Beuckens, Nijemardum). Nei Bate Okje waard de winkel fan de femylje Den Haan.

Barnier de Haan hie as earste en as my net mist as iennichste yn Wikel in oerdekte scooter, neffens my in Messerschmitt. De lju sieten achterelkoar yn it mobyl nei't se de klep as wie it fan in koekjetrommel iepenslein hienen. De scooter hie trije as fjouwer tsjillen en neffens my in motorstjoer, mar se wienen der mei rêdden. Fan it fjirde hûs bin ik de earste bewenners net op it spoar kommen. It soe om in Bouwstra gean, faaks besibbe oan de Bouwstra dy't yn dy dagen krûpendewei troch de berm gong as 'boetedoening voor zijn zonden'. Germ Leenstra, de pake fan Marrit – har suster hat my okkerdeis by Steegenga yn Balk noch sein dat der in pear strepen fan de broek ôf moasten – hat der letter wenne en ek Anna van der Goot, dy't de Vaste Burchtkerk in rynske jefte neilitten hat.

Letter mear.

Willem Stegenga



*In Messerschmitt sa't
fam.de Haan eartiids hie*